

It hat noch nea sa tsjuster west

Intro; instrumentaal

1) Se wenn' tegearre yn in húske, sy wie wat stiif fan rimmetyk.
Dochs koen' se dêr hiel aardich rêde, yn 't lytse húske oan de dyk.
De bern dy wien al lang de doar út, dochs seachst se faak wol efkes dêr.
Dan hiene se't meastal oer't feline en sei er alle kearen wer:

Refrein:

It hat noch nea noch nea sa tsjuster west of it waard altyd wol wer ljocht.
It hat noch nea noch nea sa tsjuster west of it waard altyd wol wer ljocht.

2) Seis hintsjes en in âlde baarch, in hok, wat skiep in kampke lân.
En twaris deis efkes it hiem oer en dan hâldt bepp'm by de hân.
Syn hiele libben skrept en wrotten en mem mei joggen bern by hús.
By simmerdei al ier oant meanen en pas om melkerstiid wer thús

Refrein:

3) Doe op in snein, 't wie yn desimber. Krijt pake 't samar sa benaud.
Syn dochter bringt him nei de stêd ta, omdat se't eins net rjocht fertrout.
De oare deis moast er belies jaan, 't âld wyfke hie't sa slim te kwae.
Miskien wie't better mar oars om west, in wykmannich letter wie se dea.

Refrein:

4) De dea dat ha jo net foar 't sizzen, graach gien' se beide tagelyk.
Se rêste sêft dêr op it tsjerkhôf, flak by it húske oan' e dyk.

Outro; instrumentaal